

't Skieppesturtsje

Doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.



De oerkonde ta
Skieppesturt
fan it jier 2007 is takend oan
Gietje en Gerben
Dijkstra
fânwege barren grutte ynsat
foar doarp en mienskip



De oerkonde fan
Tsjerkwert, Tsjerkwert

31e jiergong - nûmer 1, janewaris 2008



Redaksje-adres:
Mireille Galema
Sylroede 22
8765 LW Tsjerkwert
☎ 0515-579338
e-mail : mjryedema@hetnet.nl

Redaksje:

Gerben Wijnja	Sylroede 4	0515-579348
Anneke Feenstra	Bolswarderweg 1a	0515-577117
Riemkje Lemstra	Sylroede 5	0515-579706

Inhoudsopgave

Van de redactie.....	2
Skieppesturt 2007 foar doarpstûzenpoaten.....	3
Nieuws van stichting It Waltahûs	7
Vrijwillige bijdragen	8
Jaarverslag Dorpsbelang Tjerkwerd e.o.....	9
Stichting Windkracht 10	12
Oud papier	12
Muzykferiening Eensgezindheid	13
Oproep	14
Niis fan de iisklup Tsjerkwert.....	15
De speeltuin van Tjerkwerd	17
Koken met Riemkje.....	20
Voor u gelezen....	22
Wist u datjes van Bert Miedema	23
Bedankt.....	23
Familieberichten	24
Collectes.....	25
Nieuwjaarsrondgang langs kalkramen en andere mallotigheden 2008.....	25
't Lamsearke.....	26
Snypsnaren	27

Ten eerste de **ALLERBESTE WENSEN VOOR 2008**, NAMENS ALLE REDACTIELEDEN VAN IT SKIEPPESTURTSJE.

De 1^e twee weken van januari zijn alweer voorbij en er hebben zich alweer verschillende activiteiten in het dorp plaats gevonden.

Natuurlijk de nieuwjaarsnacht in het Waltahûs, waarna de mensen om een uur of 6 in de ochtend op pad gaan om te kalken en spandoeken neer te zetten.

Wat betreft het kalken, vindt de redactie dat het wel eens wat origineler mag, misschien in dichtvorm, zoals de dorpsbewoners het in Exmorra doen. En dan niet kwetsend. “Dus wij zullen zwichten, voor de oudejaarsgedichten.”

“En wij dagen jullie uit, zet eens wat originelers op de ruit.”

Ook de twee weken kerstvakantie zijn om gevlogen, maar het 1^e weekend begon goed, iedereen kon twee dagen schaatsen op de ijsbaan en zaterdags werd er nog een wedstrijd voor de jeugd gehouden.

Op 5 januari hadden we het nieuwjaarsbal met daarin de uitreiking van de Skieppesturt. Dit jaar is deze naar het echtpaar **Gerben en Gjetje Dijkstra** gegaan voor hun enorme inzet in het dorpsleven. U leest hier meer over elders in dit blad. Ook werd er die avond afscheid genomen, Tea Huitema gaat de redactie van 't Skieppesturtsje verlaten na ruim 9 jaar. Die avond kreeg zij een bos bloemen en een applaus van de dorpsgenoten. Binnenkort gaan we nog een avondje met elkaar weg, om haar te bedanken voor haar inzet de afgelopen jaren.



Gelukkig hebben we ook een nieuw redactielid gevonden, Fokko Rollema gaat haar taak overnemen. Fokko welkom en we hopen dat je een gezellige tijd bij ons zult hebben.

Nog 2 maanden en dan is het alweer tijd voor de kievitseieren, wie zal deze als eerste vinden? Jullie kunnen dan zo snel mogelijk de redactie bellen.

Verder wens ik u weer veel leesplezier in onze 1^e Skieppesturt van dit jaar.

Riemkje Lemstra.

Skieppesturt 2007 foar doarpstûzenpoaten

Gjettje en Gerben Dijkstra

It is al wer tritich jier lyn dat de earste Skieppesturt it ljocht seach. Yn it twadde jier fan it bestean fan de doarpsredaksje waard besluten in Skieppesturt as priis út te rikken oan in persoan of groep dy't him/har yn it ôfrûne jier tige fertsjinstlik makke hie foar it doarp. De redaksje bestie doe út Henny Leicht, Wyke Blanksma, Jan Melchers, Rients van Buren en Jan Dijkstra. It sil dúdlik wêze dat de namme fan Rients van Buren in dúdlike ferwizing is nei de jierpriis dy't bestiet út in echte skieppesturt. Sa ek de klaaiing fan de redaksje op de feestjûn: in hearlik waarme facht fan in skiep, earst dûbeldsidich, de lêste jierren as in soarte fan cape.

Weromblik

Oan de priis binne nammen fan bysûndere minsken ferbûn, minsken dy't it wolwêzen fan doarp en mienskip altyd heech yn it findel hienen. Wy tinke dan oan Jan Blanksma (de earste – foar it jier 1977), Freerk Schakel (de doarpsomropper en doarpsambassadeur dy't mar leafst twa kear yn de prizen foel – 1978 en 1981 – en dy't him leafst ek noch in tredde kear wûn hie), Gurbe Brandsma (1979), Brandt Volbeda (1980), Jelte Speerstra (1982), it skoalbestjoer (1983), Hein en Akke Gietema (1984), Janny Poelstra en Jelly de Haan (1985), Thea Dam (1986), Hylke Feenstra (1987), Jan Dijkstra (1988), de restauratiecommissie (1989), Renske Bakker (1990), Anne en Thea Dam (skoallehaad en syn frou 1991), Roelof en Joke de Jong (behearders doarpshûs 1992), Sytske Dijkstra (1993), BESTJOER EN FRIJWILLIGERS fan it Waltahûs (1994), 1995 gjinien!, frijwilligers fan de ferbouwing fan It Waltahûs mei Van Lingen sr as haadpersoon (1996), Richtsje Speerstra-Bakker (1997), Okke S. Postma (1998), Joop Nota (1999), Simmer 2000 kommisje (2000), Bert Miedema (2001), Reunykommisje 100 jier Kristlik Underwiis Tsjerkwert/Dedzjum mei in earfolle fermelding foar Rieneke Speerstra (2002), Jaap van Lingen (dy't it gewoan moai fynt as in oar wille hat, mister J. himsels dus – 2003), Thea en Jelle Zijsling (2004), Douwe Algra (libbensrêder 2005), Gerrit Mulder (doarpshistoarikus 2006) en no dan Gjettje en Gerben Dijkstra (2007).

Doarpstûzenpoaten

It gûnze al wat troch de seal. Wa soe de Skieppesturt dit jier no wer krije? Oan mannich itenstafel hat it ek grif ûnderwerp fan petear west. Want as de jierwiksel oan kant is, libbet it doarp ta nei in nij hichtepunt. Sa stadichoan ha al hiel wat doarpspommeranten de earetitel Skieppesturt fan 't Jier krigen: prestizjeus, earfol en folop fertsjinne. Ferbûn wurde mei de lange rige doarpsgenoaten fan namme en stân. Want dat mei de ûnderskieden persoanen net ûntsein wurde. Libbenslang sil jins namme ferbûn wêze mei it doarp oan de Trekfeart dêr't it goed wenjen is.

5 jannewaris wie it dan wer sa fier. Neidat Jelle Zijlsling út namme fan it doarpshûsbestjoer witte litten hie dan Jan Witteveen opfolge is troch Jasper de Vries, koe it heve. De doarpskranteredaksje besteande út Tea Huitema, Riemkje Lemstra, Anneke Feenstra, Mireille Galema en Gerben Wijnja hienen gear west oer de priis en unanym wiene hja ta de konklúzje kommen dat Gjettje en Gerben Dijkstra it fertsjinne hienen.” *It binne doarpstûzenpoaten dy’t hiel wat ôfrûn ha foar it wolwêzen fan Tsjerkwert.*” It mei sa klear as in klûntsje wêze: mei it útbringen fan de jierpriis, de Skieppesturt, is it boadskip fan de redaksje dúdlik. Wy wolle minksen dy’t harren sa mei klam ynsette foar it wolwêzen en de ferbettering fan it doarp priizgje, wurdearje. Foaral dat lêste is sa wichtich yn ús maatskippij dy’t stiif stiet fan kommintaar jaan en kryptyk leverjen. Om koart te kriemen, it echtpear hat in yndrukwekkende list fan aktiviteiten dy’t de ballotaazje mei glâns trochstien hat.

Oersjoch

Gjettje makke har sterk foar it pjutteboartesplak, de kindernevendienst, doarpsbelang en skoalle, wylst hja noch meidraait yn het frijwilligerskorps fan doarpshuis It Waltahûs, de EHBO en fan it tsjerkekoar is hja ponghâldster. Gerben siet yn it bestjoer fan de skoalle, de Oranjeferiening en it Waltahûs. No hâldt er him noch dwaande mei de biljertclub, de sportfjildenkommisje, frijwilligerswurk foar it Waltahûs en as strjittefersierder fan de Waltawei stie er ek altyd klear. (ôfrûne jier wie it mei de krystdagen lykwols eefkes yn ‘e war want de redaksje miste de mei krysttûken fersierde lantearnen wol !!!). Nettsjinsteande dizze lêste opmerking wie elkenien fol lof oer de ynset fan it echtpear Dijkstra. Der waard sjampanje op dronken wylst it applaus troch de seal davery. Dêrnei sette de redaksje mei Gjettje en Gerben ôf nei de boppeseal om dêr noch eefkes nei te praten.

Hoe't it begûn

Op 4 oktober 1981 kochten Gjettje en Gerben Dijkstra it hûs oan de Waltawei fan de âldelju fan koster Michiel de Jong. Op harren troudei 11 maart 1982 setten hja har dêr ta wenjen en dat al wer mear as 25 jier nei folle tefredenheid. Gjettje priizget it doarp: "It wennet hjir sa leuk en de minsken binne gemoedlik. Oan diskant de rykswei (RW43/ no A7) fielt it goed." Dochs soe de betrokkenheid by it doarpsgebeuren noch wol wat better kinne," fynt Gerben. Mist der ek wat yn Tsjerkwert?

Gerben: "Net safolle; it measte is der wol, no ja útsien dy bredere betrokkenheid dan." Gjettje: "De speeltún, mar dêr wurdt oan wurke. Ik fyn it wol spitich dat projekten meastal pas gestalte krije ast út it bestjoer wei bist. Sa is it ek mei de speeltún: it spilet al jierren en no't de eigen bern der te grut foar binne, sil it dan dochs noch slagje. Fierders is der foar de opsketten jongerein eins niks."

Riemkje bringt it idee yn om in jeugdsoos, mar dan sûnder alkohol.

Gerben reagearret mei gefoel foar ûnderfining: "Moatst der wol altyd minsken foar ha. Mei it keatsen is dat in súkses wurden, mar oft dat ek mei in jeugdsoos sa wurket???"

Dan binne wy benijd nei harren moaiste oantinkens wat it doarp oanbelanget. Gjettje: "De jierren yn it bestjoer fan Doarpsbelang. Wat ha ik dêr in protte fan leard. Foaral hoe't alles om en ta giet, tusken minsken ûnderling en tusken doarp en oerheden saas de Gemeente."

Gerben: "Neidat Roelof de Jong der as behearder fan it doarpshûs útstapte, ha wy it dochs rêden mei frijwilligers. Mei de ferbouwing en hoe't it no draait. Geweldich gewoan dat ús dat slagge is." En as biljertman kin er it net litte dat de komst fan in nij biljert mei troch him ek kommendewei is.

Mireille freget nei goede tips.

Ienriedich: de kop de foaral foar hâlde. In moai foarbyld is de iepening fan it nije doarpshûs op 19 desimber 1996."As dy datum ienkear setten is dan moatst der tsjinoan", neffens Gerben. Mar wat wie it allegearre moai op 'e tiid sa flak foar de alvestêdentocht fan 4 jannewaris 1997. Om de flier te beskermjen tsjin al dy redens lei it fol flierkleden."

Riemkje wol witte wêr se noch wolris yn sitte wolle nei safolle ûnderfining.

Gjettje: "Ik sil net daliks nee sizze mar moat der dan wol eefkes oer neitinke en it oerlizze."

Gerben: “Ik soe sa wer yn de Stichting stappe. Mar tagelyk wit ik dat de jongerein it ek oernimme moat.”

Tea, dy’t foar it lêst diel útmakket fan de redaksje en dêrfoar yn de seal betanke is, freget har ôf oft hja fantefoaren al in gedachte hienen oer wa’t it wurde soe.

Gjettje: “Wy ha it der wol oer hân, mar nea hie ik tocht dat wy de STURT krije soenen.”

Gerben: “Oan de bar wie it al ter sprake kommen. Hienen wy it noch oer de brân fan ôfrûne simmer.”

Ta beslút: “Hoe fielt no dizze ûnderskieding, dit lint mei dy Skieppesturt om ‘e hals?”

Gjettje: “Lúks”.

Gerben: “Prachtich. Dit hienen wy net ferwachte.”

Lit it in útdaging wêze foar dyjinge dy’t him dit jier fertsjinje mei.

Dêrnei gong de ploech op yn it feest, waarden der lokwinsken útbrocht en folop tute. De muzyk fan doarpsgenoat Mulder soarge foar de perfekte sfear.

Gerben D. Wijnja

DE SKIEPPESTURTEN FAN IT JIER 2007



GJETTJE & GERBEN DIJKSTRA

Nieuws van stichting It Waltahûs

Het seizoen begon goed met het spetterende optreden van Dakkeraf op 3 november. De heren uit Groningen zorgden voor een gezellige avond met leuke muziek.

Op 16 november konden er weer kralen van fimoklei gemaakt worden onder leiding van Mariëtte Boomkamp. Daarna werd van de kralen een mooie ketting of armband gemaakt. Omdat de vorige keer zelfs mensen teleurgesteld moesten worden, had het bestuur Mariëtte nog een keer gevraagd. Het was weer erg geslaagd!

21 december stond er weer een creatieve activiteit op het programma. Akke Nota verzorgde samen met Mellina Huitema een avond waarop een kersttaart gemaakt kon worden. Geen taart om op te eten, maar één om voor de sier op tafel te zetten. Erg leuk! Ook op deze avond kwamen aardig wat mensen af. Tijdens de jaarwisseling was het Waltahûs voor het eerst ook open op de middag van oudejaarsdag. Volgens ons was dit wel voor herhaling vatbaar. Uiteraard was ook in de nacht van oud op nieuw het Waltahûs open, waar het erg gezellig was!

Op het moment van schrijven van dit stukje moet het nieuwjaarsbal op 5 januari nog komen, maar ongetwijfeld weet de redactie van het Skieppesturtsje daar meer over te vertellen.

Verder staan bij ons nog de volgende dingen op het programma:

- **19 januari avond voor onze vrijwilligers.** Zij hebben hiervoor inmiddels persoonlijk ook een uitnodiging gekregen. Graag even opgeven door middel van het strookje.
- **2 februari play back show.** Ook hiervoor heeft iedereen een brief met strookje gekregen bij de M.A.T. We hopen natuurlijk op veel deelname!
- **22 maart band Jitiizer.**

Tot slot heeft er, zoals ieder jaar, weer een wisseling plaatsgevonden binnen het bestuur van de stichting. De termijn van Jan Witteveen zat er na zeven jaar op. Onze accurate penningmeester moet dus helaas het bestuur verlaten. Jan, heel erg bedankt voor alles wat je hebt gedaan voor het Waltahûs! Jan zal uiteraard nog op passende wijze bedankt worden voor zijn inzet.

Gelukkig kunnen we ook een nieuw bestuurslid welkom heten, te weten Jasper de Vries. Jasper, van harte welkom! We hopen dat je er veel plezier aan zult

beleven. Hoe de functies binnen het bestuur verdeeld gaan worden, is op dit moment nog niet precies bekend, maar daar komen we onderling vast wel uit.

Dit was het wel voor dit moment. Heeft u vragen of opmerkingen, u kunt ze kwijt bij het bestuur!

Graag tot ziens in het
Waltahûs,

Het bestuur.



Vrijwillige bijdragen

Vrijwillige bijdragen zijn ontvangen van;

Mevr. T Stremmer-Stegenga Tjerkwerd, S. Roelofsen-Burggraaf Drachten,
K. Talsma-Abma Sneek, Galerie Artisjok Tjerkwerd, R. en G. Bakker Tjerkwerd,
E.T.M. Postma Tjerkwerd, M. van der Wal Bolsward, B.R. Bakker Dedgum,
S. Breeuwsma Tjerkwerd, R. van der Wal Dedgum, Stichting Windkracht 10,
Reitsma en Reitsma 's Gravenhage, E. Huisman-Stellingwerf Tjerkwerd.

Namens de redactie, heel hartelijk dank voor uw bijdrage!

Bijdragen kunnen overgemaakt worden met vermelding 'Bijdrage 't
Skieppesturtsje' en het jaar waar het betrekking op heeft.
Bankrelatie; Fortisbank Bolsward

Rekeningnummer; 84.76.68.398

Jaarverslag Dorpsbelang Tjerkwerd e.o.

De lopende punten van het afgelopen jaar worden hieronder omschreven.

1. Woonbestemmingsplan.

Aanbesteding voor de 8 woningen type 2 onder 1 kap naar de bouwbedrijven, was in eerste instantie gepland voor eind januari. Er komt een kink in de kabel, en voor het bouwrijp maken wordt verwezen na het broedseizoen. Pas in augustus blijkt, na vele malen vragen wat er echt loos is. De gemeente wil hier betaalbare woningen neerzetten, zonder project-ontwikkelaar. Juridisch blijkt het erg lastig om te zorgen dat de betrokken partijen geen risico lopen. Iets wat anders een projectontwikkelaar op zich neemt. Bouwbedrijf van Zuiden en Ouderkerken uit eigen dorp krijgen de mogelijkheid om in te schrijven. En bouwbedrijf Feenstra uit Parrega. Er wordt bekeken of de limiet van de gemeente niet overschreden wordt, zodat de woningen betaalbaar blijven. De verwachting is nu medio 2008 het terrein bouwrijp te hebben, en de verkoop zou iets eerder kunnen plaatsvinden.

2. Speeltuin.

Het is de bedoeling dat in Tjerkwerd een speeltuin komt. En aan de rand van het sportveld, in de hoek naast de school. Met een afmeting van 17 bij 9 meter groot. Hiervoor moet dan door de gemeente een bruikleen vergunning door de gemeente afgegeven worden. Om dit alles te realiseren is er een speeltuincommissie in het leven geroepen. Deze bestaat uit Elma Draaisma, Astrid de Boer, Mireille Galema en Riemkje Lemstra. Zij hebben al een pleinfest georganiseerd in samenwerking met de school. De opbrengst wordt gedeeld, de helft voor de school en de helft voor de speeltuin (1231,60). De eerst bescheiden plannen zijn een speelhuis met glijbaan, een wip kip en voor de oudere jeugd een tennistafel. Theo Galema maakt een plattegrond voor het plan. Wat nodig is om alle subsidies aan te vragen. Klaas Bakker uit Wier maakt de offerte en geeft advies. Er komt nog een bankje met een prullenbak bij en aan het speelhuis een klimwand. Na de jaarvergadering is er nog een bingo, waarvan de opbrengst uiteraard voor de speeltuin is (440,50). En bij windkracht 10 is een aanvraag gedaan om bijv. het speelhuis te financieren (9000,-).

Giften voor speeltuin zeer welkom op **Bank nr: 97.09.31.255** Dorpsbelang Tjerkwerd inz. **Speeltuin vereniging.**

3. Walbeschoeiing Waltaweg/Friese meren project.

Langs de Waltaweg komt een houten walbeschoeiing met hogere en lagere delen. Als de walbeschoeiing aangepakt wordt komt er ook een haventje met sleepelling in het dorp. De sleepelling komt als het ware in het verlengde van de Sylroede. Met daarnaast de ligplaatsen haaks op het vaarwater. Er komt ongeveer plaats voor 8 boten. Hierover is een inlichtingsavond geweest. We kregen een film te zien over het friese meren project. De aanpassingen in Tjerkwerd worden vervolgens nader uitgelegd. En er is gelegenheid voor vragen. Er zijn er 15 gesteld en beantwoord. Inmiddels is de aannemer ook bekend, Haarsma zal de werkzaamheden uit gaan voeren. In principe worden de werkzaamheden voor het nieuwe vaarseizoen afgerond.

4. Fietstunnel.

Het plan van de provincie voor de fietstunnel gaat naar de gemeente, zodat de bestemming gewijzigd kan worden. Het plan is goed gekeurd door de raad van state, er is alleen nog actie op kleine onderdelen. Alles zal in 2008,2009 gerealiseerd kunnen worden. De bouw staat dan voor 2010 gepland. Voor de fietstunnel zelf. En een strook aan de brug om de fietsers van Rytseterp ook aansluiting te geven. Alleen Jousterp heeft dan geen aansluiting. De insteek van dorpsbelang is; het hele plan plus een fietspad naar Jousterp. Bijvoorbeeld een strook parallel aan de weg, maar wel in het land.

5. Opknappen Waltaweg en de Hemdijk.

Voor de Waltaweg heeft de gemeente niet genoeg subsidie ontvangen. Zij geven de beschikbare 175.000 euro dit jaar uit aan Parrega. Wel is er een ontwerp hoe de Waltaweg eruit zou komen te zien opgestuurd. Ook staan daarbij de extra parkeerplaatsen in het dorp.

Over het onderhoud van de Hemdijk, de Hemdijk valt onder de nevenstructuur. Dit betekent dat alle wegen waar een busverbinding over rijdt als eerste onderhoud krijgen. Vervolgens zijn de bruggen aan de beurt. En als laatste de overige wegen, nevenstructuur genoemd. Daar valt de Hemdijk onder. Dit jaar worden alleen de gaten langs de weg gevuld.

6. Gemeld bij de gemeente.

Dat er gaten in het fietspad vanaf Tjerkwerd richting Bolsward langs het water zitten.

7. Verlichting langs het sportveld.

Verlichting langs het sportveld was een vraag in 2006. Belangrijk daarbij is wel dat er niet teveel licht komt. Er zijn ook mensen en dieren die door licht verstoord worden. Eind 2007 komt er een mooie oplossing. Er is een actie van WK 10 in samenwerking met Miedema's Lightning. Er zijn voor alle bewoners van Tjerkwerd pakketten met een opwindbare zaklamp, en spaarlampen ook konden bewoners voor 20 euro nog extra energiezuinige producten uitzoeken.

8. Informatie over WK 10.

De nieuwe windmolens draaien goed. Als dividend uitkering hebben ze €16.000.- meer terug ontvangen van de belasting. Jos, Riens en Johannes hebben gemeend er goed aan de doen om niet alles in een keer uit te geven. Maar zijn dit jaar wel royaler. Er gaat €9.000.- naar de speeltuin voor het speelhuis, daarvoor moet wel de rekening naar WK 10. En tevens zijn ze bereid om een voorfinanciering te doen, als er 5% korting op de speeltoestellen gegeven wordt. €1.000.- voor het korps. € 500.- voor medailles en de draaimolen voor de Oranje Vereniging. Hiervan de rekening naar WK 10 sturen. € 250,- voor de Skieppesturt omdat iedereen dat voor aankondigingen kan gebruiken. € 500,- voor een A. E. D. (Defibrillator) voor de E. H. B. O. vereniging. Hierbij moet wel zorg gedragen worden voor een centrale opstelling in het dorp. € 100,- voor de 60+ soos. € 75,- voor de fitness. € 100,- it Pjuttehonk

9. Einde jaarverslag.

Waar in we nogmaals Gjetje Dijkstra willen bedanken voor haar inzet de afgelopen 8 jaar in dorpsbelang! Grote klasse.

En willen we hierbij Theo Galema van harte welkom heten in dorpsbelang.

We zijn erg blij dat je ons komt versterken!

Dorpsbelang Tjerkwerd:

Rob Dijkstra, Robert Tiesma, Bouwe Speerstra, Astrid de Boer, Hedwich Terpstra en Elma Draaisma.

Stichting Windkracht 10

Vrijdag 28 september zijn er tijdens de uitreiking van de gratis energiepakketten 76 van de in totaal 146 huishoudingen, welke onder Tjerkwerd vallen, in 't Waltahûs langs geweest om het pakket op te halen. Van deze 76 huishoudingen hebben er nog eens 55 gebruik gemaakt van het gratis aanvullende pakket van € 20,--. De overige 70 niet afgehaalde standaard pakketten zijn later nog door ons aan de overige huishoudingen overhandigd.

Volgens Bert Miedema besparen wij allen door het gebruik van de energie zuinige lampen ongeveer 108.000 kg CO₂. Tevens wordt hiermede ook nog eens een besparing bereikt van ongeveer € 21.800,-- aan energiekosten.

Tijdens de vergadering van dorpsbelang op 30 november is er voor een bedrag van € 1.775,-- aan bijdragen toegezegd en uitbetaald. Tevens zijn er nog toezeggingen gedaan voor een bedrag van € 1.000,-- en te betalen bij realisering, alsmede voor de nog te realiseren speeltuin op het sportveld een bedrag van € 10.000,--.

In de volgende Skieppesturt willen wij u verder informeren omtrent het financiële reilen en zeilen van de stichting en omtrent de produktie van het Wynpark Beabuorren.

Oud papier

T/m de zomervakantie staat de oud papiercontainer op de volgende data op het parkeerterrein achter CBS de Reinbôge:

- 21 januari
- 18 februari
- 23 maart
- 19 mei
- 23 juni



Voor info en vragen kunt u terecht bij C.B.S. de Reinbôge: ☎ 579813

Muzykferiening Eensgezindheid

De earste helte fan ús winterskoft sit der alwer op en der is alwer hiel wat bard. Sa binne der trije leden fan it korps heit of mem wurden binnen in pear wiken. Earst is Wietske berne, dochter fan ús dirigint Jeannette Valkema en Anko Baarda dernei kaam Simon te wrâld soantsje fan ús bassist Auke en Bianca v.d. Wey en as leste kaam Willem Pieter fan Aly en Yde Schakel.

Trije novimber wie ús earste kreft proef it federaasje festival fan Wûnseradiel yn Parregea. Hjir ha we mei ús ferfangende dirigint Arjen Steur hinne west. Dat wie foar him en ús fansels wol spannend: syn earste optreden foar it orkest en daalk foar de sjuery. Der wiene sels twa sjuery's in profesjonele foar de muzikale beoardieling en in soarte publyks sjuery gearstald út de leden fan de korpsen dy't mei diene, sy beoardielden it programma wat de korpsen brochten.

Ús programma wie in reis troch de tiid, fan de midsieuwen oant de romtefeart. Eltse seksje bylde in tiidrek út en hie de derby hearende klean oan. Sy kundigen dan it passende stik muzyk oan wat we dan mei elkoar spilen. It resultaat fan dit optreden wie in earste priis fan de publyks sjuery.



Dernei gie it op nei de kryst. Op earste krystdei hawwe we twa kear yn aksje west, earst mei in groepke muzikanten moarns ier en betiid lâns de streek om krystferskes te spyljen by eltse lantearnepeal. Foar dizze minsken wie der wer it tradisjonele krystbrochje by Joop en Akke Nota, altyd gesellich. En efkes letter wer mei it hiele orkest ien 'e tsjerke.

Eensgezindheid hat ek wer in oantal nije ynstruminten oanskaft. Dit koe troch de opbringst fan de rommelmerk en bijdragen fan stichting Windkracht 10 en it fûns Bolsward – Dronryp. Der binne twa nije wâldhoarns kocht en in trompet, hjir wie it measte ferlet fan.

Op sneon 16 febrewaris hâlde wy dit jier in Valentijns konsert wer 't fansels it tema de leafde is. It belooft in nijsgjirrige jûn te wurden wer 't in elk ek in eigen yn bring ien ha kin troch foto's yn te stjoeren mei der op minsken dy't jo leaf hawwe dy wurde dan projekteard. Neiere bysûnderheden folge noch.

Wy winskje jim allegearre ek nog een lokkig en sun 2008!!

Sjoch ek ris op us website www.eensgezindheid.org

Namens de redaksje commissje,

Evert Bakker

Oproep

Hallo!!

Ik zal mij even voorstellen; ik ben Tessa v.d. Zee en ik ben 12 jaar.
Ik ben een echte paardengek en ik spaar dus voor een eigen paard.



Maar ik ben er nog lang niet dus zoek ik klusjes.

Ik wil heel graag iets met honden doen dus honden uitlaten lijkt mij ook leuk.

0515-579768 dus als u iets voor mij hebt dan hoor ik het graag.

Met vriendelijke groet Tessa van der Zee



Spetterende aksje foar de jeugd fan de iisklup

As iisklup koenen wij kaarten bestelle bij it gewest Fryslân KNSB wêrmei de jeugd oant en mei 14 jier 4 kear fergees traine koe yn Thialf. Om't it allegear op koarte termyn regele wurde moast, ha we daliks it maksimale oantal kaarten besteld, 25 stik. En dat wie mar goed ek want we hienen se ek hast allegear nedich. Mar leafst 22 bern út Tsjerkwert dogge op it stuit mei oan de 4 trainingen op sneon 15, 22, 29 desimber en op 12 jannewaris.

Fan lyts oan wat grutter en se binne allegear fanatyk oan 'e gong der op Thialf. De bern binne yn groepkes ferdield en leare saken as hoe moat je starte én fansels remje. Wa wit stiet oer in oantal jierren wol ien fan dizze talinten út Tsjerkwert op it grutte poadium?!

Hurdridwedstriid foar skoalbern

En wat is der dan moaier dat, as der dan einliks wer ris op 'e iisbaan riden wurde kin, jo dan ek in hurdridwedstriid hâlde kinne? Sneontemoarn 22 desimber besliste it bestjoer "it giet oan" en doe moast noch hiel hastich fan alles regele wurde. Mar it slagge, in hiele soad bern wienen middeis op 'e baan, hielendal klear foar de striid. Sommigen hienen noch nea de redens ûnder hân mar mei help fan in stoel as heit as mem gong it tige best. En om de spanning foar harren net al te grut te meitsjen waard earst riden om de medailles yn de kategory 4 en 5 jierrigen. Der wienen 7 dielnimmers en it wie in pracht gesicht. Sommige seagen mear nei harren tsjinstanner en fergeaten dertroch hast dat se sjen moasten sels sa gau mooglik nei de oere kant te kommen. Se woenen fansels allegear graach winne mar úteinlik wie *Lucas Bijlsma* de snelste, folge troch *Marly Steegstra* en *Femke Galama*.



Yntusken wienen de 6 en 7 jierrigen al wat ynrieden en dat wie te merken. Hjir wienen 6 bern die't om de prizen striden. En striden waard der. Somtiden moast der oerriden wurden want dan hienen se beide in kear wûn. Hjir gong de gouden medaille nei *Menno Galama*. Twadde waard *Kirsten Bijlsma* en tredde *Sigrid de Boer*.

Yn de kategory 8 en 9 jierrigen wienen mar leafst 10 dielnimmers. En allegear dienen se o sa harren best. It skeelde somstiden ek san bytsje dat je it leafst eltsenien in priis jaan woenen. De sportiviteit wie grut yn alle opsichten en dat wie it moaiste fansels. *Klaas-Jan*

Haytema wie it rapst en krige dus de 1e priis. *Robin Bijlsma* hie de twadde en *Ilse Galema* de tredde.

En dan de “grutten”, 10, 11 en 12 jier. Ek hjir wienen 10 dielnimmers. En d’r waarden snelle tiden makke; se fleagen oer de baan. It snelst wie *Roel Hekkema* en hy wûn dus de 1e priis. De twadde priis wie foar *Reiny Haytema* en tredde waard *Sven Bijlsma*.

It wie in prachtige middei, suver in âlderwetske iismiddei, mei poeiermolke en in krystkrânske en ek noch mei muzyk op’e baan (mei dank oan Onno). En fansels mei in protte iiswille foar jong en âld(er).

Spitigernôch wie de baan net sterk genôch om jûns ek noch in hurdriderij foar de grutten te hâlden mar wa wit.....?! Yn elts gefal wie it iisklupbestjoer bliid dat se trochpakt hienen want de oere deis wie it al wer dien mei it winterwaar en lei it wetter op de baan.

Nammes it bestjoer, Akky Haytema



De speeltuin van Tjerkwerd

De speeltuincommissie zamelt geld in voor de aanleg van een speeltuin in Tjerkwerd. Het plan is klaar de speeltuin komt op het sportveld tegen het hek van de Reinbôge aan (zie plattegrond). Op de plattegrond staat geen tafeltennistafel deze wordt naast de speeltuin geplaatst.

Er zijn al een aantal geldbedragen binnen: € 50,- individuele bijdragen, € 1220,- de helft van de opbrengst van het pleinfeest, € 441,50 de bingo-opbrengst na de vergadering van het dorpsbelang, € 2200,- van de gemeente en **€ 9000,-** van stichting Windkracht 10. Zij sponsoren het hele speelhuisje incl.

ondergrond! Totaal hebben we nu bijna **€ 13.000** binnen, maar dat is nog niet genoeg. We zijn bezig een aantal fondsen aan te schrijven waar we van hopen te horen of we een bijdrage krijgen. Er wordt binnenkort een heuse stand bijgehouden in de vitrine van het Waltahûs, daar komt ook het "speeltuinplan" te hangen. Maar ook wijzelf gaan in en rond het dorp verder met actie voeren, in het voorjaar van 2008 gaan we van start gaan met de actie (s)teun dit doen we in samenwerking met CBS de Reinbôge.

(S)teun is een nieuwe manier van fondsenwerving met een zeer hoge opbrengst voor de speeltuincommissie. U zult worden gevraagd een varkentje te wassen (lees: krassen). Het bedrag dat u tevoorschijn tovert is uw bijdrage. De bedragen onder de varkentjes (de "teuntjes") variëren van €0,50 tot maximaal €2,50. Elk (s)teun boekje met 25 teuntjes levert de vereniging maar liefst €40 op! In ruil voor uw bijdrage ontvangt u een vel met 8 waardecoupons met o.a. kortingen op pretparken, hotels, eten, tijdschriften en nog veel meer. Er is voor iedereen wel iets bij. Zo geeft de speeltuincommissie iets aan u terug als dank voor uw donatie.

We hopen dat deze actie weer een leuk bedrag zal opleveren, zodat we weer een stukje dichterbij de realisatie van de speeltuin komen. Wanneer deze actie plaats zal vinden zal "op de M.A.T." komen te staan.


Als alles een beetje mee zit dan hopen we in 2009 in het bezit te zijn van een prachtige speeltuin.

We hebben vanaf nu een rekeningnummer dat speciaal bestemd is voor de Speeltuin van Tjerkwerd.


Giften zijn zeer welkom.

ons bankrekeningnummer is: **97.09.31.255**

Dorpsbelang Tjerkwerd inz. **Speeltuin vereniging.**



De speeltoestellen voor de speeltuin van Tjerkwerd



Speelhuisje



Speeltafel met bankje en krukjes




Zeepaard wip



Bloem wip-kip



Duikelrek



Schommel

AT 88



Weerbestendige tafeltennistafel



Koken met Riemkje

Ten eerste de allerbeste wensen voor 2008 en vooral veel gezondheid toegewenst!

Om het jaar wat makkelijk te beginnen, heb ik recepten uitgezocht, die met bladerdeeg gemaakt kunnen worden. De ene hartig en de ander zoet. Veel bakplezier!

HARTIGE NIEUWJAARSTAART

Ingrediënten; 1 eetl. Paneermeel
8 plakjes bacon of ontbijtspek
1 ui, fijngesnipperd
250 gr. champignons in dunne plakjes
3 eieren
150 ml melk
100 gr geraspte kaas
peper en zout
quiche of vlaaivorm Ø 26 cm



Leg de plakken deeg 5 tot 10 minuten op het aanrecht om te ontdooien. Verwijder het folie van het deeg. Vet de vorm in en bekleed deze met de plakken deeg. Druk de randen goed op elkaar en snijd overhangend deeg eraf. Prik met een vork gaatjes in de bodem van de taart en bestrooi deze met het paneermeel.

Verhit een koekenpan en bak de bacon knapperig. Laat de bacon op keukenpapier uitlekken. Bak in het bakvet van de bacon de ui en de champignons 5 minuten. Verkrumel de bacon en schep deze door het uienmengsel. Klop de eieren met de melk los en breng op smaak met peper en zout. Schep het uienmengsel en de kaas erdoor en schenk het op de taartbodem. Bak de taart 35-45 minuten in een voorverwarmde oven van 200°C goudbruin. Laat de taart 10 minuten rusten voordat je deze aansnijdt. Je kunt de taart in punten of kleine vierkantjes snijden.

APPELSTRUDEL

Ingrediënten;

8 plakken bladerdeeg
1 kg appels
1 eetl. citroensap
100 gr. blanke rozijnen
150 gr. suiker
1 theel. kaneelpoeder
1 ei, losgeklopt




Leg de plakken bladerdeeg 5 tot 10 minuten op het aanrecht om te ontdooien. Verwijder de folie van het deeg. Leg 4 plakken op een groot stuk bakpapier die op de bakplaat ligt, in de lengte aan elkaar en leg hier nog een 4 plakken naast, zodat er een mooie rechthoek ontstaat. Druk de randen goed op elkaar. Schil de appels, verwijder het klokhuis en snijd de appels in stukjes. Meng de appel met het citroensap, de rozijnen, suiker en kaneelpoeder. Verdeel dit over het midden van het bladerdeeg, maar laat de randen vrij.

Sla de uiteinden naar binnen. Snijd met een scherp mes beide lange kanten schuin in tot de vulling. Sla de repen bladerdeeg kruiselings over elkaar. Bestrijk de bovenkant met het ei. bak de strudel 30-35 minuten in een voorverwarmde oven van 220 ° C. Laat hem iets afkoelen en snijd hem in stukken. Warm geserveerd is ie het lekkerst.

Tip; Als nagerecht met roomijs en slagroom, een stukje warme strudel met poedersuiker.

EET SMAKELIJK



- Zwijgen is ook een antwoord
- Je moet niet alles geloven wat een ander zegt
- Wie altijd de kantjes er afloopt groeit scheef
- Adel bij adel en stront bij de boer
- Geld is net als zout water drinken; je krijgt almeer dorst
- Ik heb geen hekel aan werk; ik durf er best mijn jas op te leggen
- In het zonnetje gezet worden is warmer dan in het zonnetje te zitten
- Langs de weg hoor je het meest
- Het gaat in het leven niet om de problemen die je tegenkomt, maar om de oplossingen die je er voor probeert te vinden
- Tussen genoeg en meer geld hebben zit geen gram geluk
- Priester worden is geen erebaan; het is een opdracht
- Hij praat een ander van de stoel en gaat er zelf op zitten(gladjanus)
- Hoe ouder hoe zuiniger
- Iedereen praat over het weer maar niemand doet er wat aan
- In een klein trommeltje kan je geen groot brood bakken
- Het komt er met scheppen in en het gaat er met emmers uit
- Soms wil je alles weten maar niet alles horen
- Iedere schoorsteen heeft zijn eigen rook
- Opa zei altijd; Ze hadden de borrel voor mij niet zo lekker hoeven te maken
- Mensen die niks hebben willen altijd samen delen
- 't Moet niet goed lijken, 't moet goed wezen
- Met de hand gevoerd worden
- Als de markt bijna afgelopen is leer je de mensen kennen

Wilt u in 't Skieppesturtsje
adverteren neem dan contact op met
één van de redactieleden.



- Wist u dat Bert na het bekijken van de jaar afrekening in één jaar een besparing van €613,20 heeft gedaan in it Waltahūs door er gewoon andere energie zuinige verlichting in te draaien.
- Wist u dat Bert samen met minister van milieu Mevr. Cramer na de gloeilamp ook de Energie vervuilende Halogeen gaat aanpakken.
- Wist u dat u met de door Windkracht 10 geleverde energie pakketten door gebruik van de spaarlampen 108232 kq CO2 besparen gaat.
- Wist u dat de besparing op de spaarlampen die in het lunchtrommeltje zit c.a. € 210,15 bespaart.
- Wist u dat Bert 2 jaar garantie geeft op de spaarlampen die tijdens de actie van Windkracht 10 zijn weggegeven. Dus mochten de lampen binnen 2 jaar stuk zijn dan kunnen die ingeleverd worden en dan zorgen wij voor nieuwe.
- Wist u dat Bert meer dan 21000 energie zuinige lampen heeft verkocht en daar door als ,één mansbedrijf een van Nederlands grootste CO2 bespaarder gaat worden..
- Wist u dat de aanschaf prijs van 1 spaarlamp binnen een jaar terug is verdiend.
- Wist u dat 1 spaarlamp 80% minder warmte afgeeft.
- Wist u dat door de hoge olieprijs zit de kwh nu op 28 eurocent.

Bedankt


Vrijdag 24 augustus 2007 zijn wij getrouwd. Wij willen graag iedereen bedanken voor de kaarten, cadeaus en spontane aanwezigheid!! Wij hebben een onvergetelijke dag gehad.

Groetjes uit Bergambacht Johan Schep en Nellie Schep-Haarsma.

.....

"Hjirbij wolle wij eltsenien tank sizze foar alle kaartsjes, kado's en oare belangstelling nei de berte fan us jonkje en broerke Willem Pieter.

It wie geweldich!! Yde, Aly, Lineke, Sigrid en Willem Schakel".



**Mira Hoek & Jasper Jan de Vries Singel
4,**

Op 'e nij hat de himel de ierde rekke

Tankber en tige grutsk binne
wy mei de geboorte fan ús jonkje en broerke



Syn namme is

Willem Pieter

28 november 2007

Yde en Aly Schakel-Bruinsma
Lineke & Sigrid

Bolswarderweg 1
8765 LR Tsjerkwert
Till. 0515-576788

Collectes

De opbrengst van de
collecte voor de
Kankerbestrijding (KWF)
heeft in Tjerkwerd € 426,90
opgebracht.
Alle gevers en collectanten
van harte bedankt.

T. Stremler



De collecte voor het Prinses
Beatrix Fonds heeft in
Tjerkwerd € 139,45
opgebracht. Alle gevers heel
hartelijk bedankt.

Mellina Huitema



Nieuwjaarsrondgang langs kalkramen en andere mallotigheden 2008

Na disse een frisse

ledere stad een andere schat

Een van de kalkteksten in de nieuwjaarsnacht in Tjerkwerd.


Elders iets over bier en wijn, een welkom in het dorp en twee die het doen als een raket. Verder teksten die niet direct te ontcijferen zijn en een groot spandoek dat aan duidelijkheid niets te wensen overlaat. Ene LP maakt blijkbaar te veel herrie met z'n muziek en de makers laten hem op niet mis te verstane wijze duidelijk dat hij zich niet als een kind (puber???) moet gedragen.


Gesleept was er ook: met de tekst Foutje :

een roeibootje was over het ijzeren stek bij school gekieperd uit onvrede over het besluit het schoolplein hermetisch af te sluiten voor "onbevoegden" na schooltijd.



Hier alweer de nieuwe kinderpagina, in 't vorige Skieppesturtsje stonden een woordzoeker en een kleurplaat, de kinderen die deze hebben opgelost en ingeleverd hebben allemaal een aardigheidje ontvangen. Dus het is zeker de moeite waard om de onderstaande winterpuzzel op te lossen en in te leveren bij een van de redactieleden. In 't volgende Skieppesturtsje weer een kleurplaat.





Jehannes syn boat moast út it wetter. Hy wie d'r hielendal klear foar; de trailer stie klear en de touwen om te tillen wine neffens him geef...it begjin wie goed, mar doe bruts der in tou en der klapte de boat op é trailer; de 4 steunen stutsen der dwers trochhinne...

No kin Jehannes net mear troch it wetter, derom giet hy d'r mar oer; hy giet te reedriden, ja hy giet sels ynternationaal.... en dan fan't simmer mar ris mei Sytske om in oare boat út.

Anneke H. en Rian fan B. binne midden yn e nacht thúsbrocht, troch de polysje!!! Wat hine se dyn ? Niks, hine se mar wat dien; tanken byfoarbyld!

G. sei tsjin G.; krij in sturt. Doe sei oare G.; krij d'r sels ien. En doe krigen se der 2, moai no ?

Bertus W. krige in nije pakesizzer; Bert. Neffens Bert miste d'r in stikje an die namme; nee, sei de heit; want dit is ús Bert !

Wa is de mol fan Tsjerkwert ? Der moat nammentlik noch in tunnel groeven wurde an de grutte dyk !

Sjogge jo ek fol ferwachting út nei de Op de M.A.T. fan february ? Wy wol ! Wat soe der dan allegear wer te belibjen wêze in ús moaie doarpkje...

It parkearprobleem op é Sylroede is oplost; no. 33 stiet leech en it hiem wurd no brûkt foar de auto's fan de famylje de G. Miskien is soks ek in oplossing foar de Waltawei ?

Waltawei ? Walta wei ! It liket der wol monopoly; noch efkes en jo kinne de hiele strjitte keapje !

Wat jammer; de kryst is wer foarby; No moat Ellen P. har 5 keunst-krystbeammen, 18 doazen mei ballen en 13 doazen mei krystmusyk wer ynpakke. Der sil se wol ant Sint Jut mei dwaande wêze.

It wie sterk iis en de iisbaan wie iepen; in soad minsken fregen harren of; is dit de leste kear dat wy hjir ride op de âlde smûke iisbaan ? Of soene wy hjir in 2009 noch ride ? Ja fest wol, en ek wol yn 2010, 2011 ens. At it sa trochgiet mei de nijbou dan kinne wy der noch jierren foarút !

K.I. Boer Jan H. Siket frou; helaas hy waard net útkeazen troch boerinne Agnes. Mar net treure; Miskien hat boer Jan straks noch wol in wyfke foar him oer.

Werom siet Anneke S. yn é Harmony op é grûn ? Hie sy net betelle foar har kaartsje ? Ja wis wol, mar die ferrekte klapstoaltsjes no !

De famylje T. Fan Ymswalde belibbe âld en nei yn Boalsert; dat is hun net goed befallen; in bom tsjin de auto, het hiele portier stikken, oare kear mar moai wer op de pôle bliuwe !

